# Oan Jan Hoeida

## 40 jier lid fan klub De Snip -

As de Maeitiid yn it lân is
It fûgelguod dat ropt wer blîd
Komt der libben yn de minsken
Foar de aeien-sikers-tiid

Klub „De Snip" komt wer yn aksje
Foar de jierlikse greate tocht;
Yn de „Halle" wurdt forgearre
En dy wurdt meast goed bisocht

Alles wurdt bipraet sa'n jountiid
't Bringt in hiel boel drakte mei
Hwent it moat yn oarder wêze
Oars den slagge nea sa'n dei

Mar de drakte dy't foarôf giet
Foar't safier is dat men start
Is it wurk fan ien ús leden
Dy't soarget foar in goede start

Rinse en Reinder hâlt drok mei ferwje
De klanten binne Maeitiids gek
Alles moat dan opknapt wurde
Pleats en hûs en hiem en stek

Foar Sytse mei syn mölke-karre
Is it Sneons in mimme dei
De minsken moat foar Sneins ek mei
En dat moat dan Sneons ek mei

Sikke en Pike binne stedljue
Och dêr wit men alles fan
Lizze meastal lang to sliepen
En komme mei de auto dan

Wiger mei syn greate mûle
Helpt ek leaver net sa'n moarn
De N.V. sit him yn de mage
De dei wie dan ek glêd bidoarn

Jan hie't mei syn „Halle" en Hieke
Meastentiids ek razend drok
Nachts en deis dan 't arrebeidsjen
Hoelpen wie foar him in flok

Jaap en Gerben, de auto bazen,
Ha leafst neat mear oan de kop
Hwent hja moat sa faek ris ride
En tink wis dan in greate strop

Sipke is in hiele wike
Meastal ek gjin frouster mear
'S om ûtens to monteurjen
Kin sneans ek mar amper klear

Rinke sit sneons ek to switten
Mei de „Spar" fan Aldeboarn
Kin ek net op tiid forskine
Komt jouns mei de motor oan

Klaes, now ja, dy sjocht ek leaver
Dat in oar it foar him docht
Hwent dy is yn dy soarte dingen
Ek net ien dy't dat wurk sjocht

It wie net bêst as disse mannen
De saek yn oarders bringe moasten
Wy krigen fêst wol swarte panne
Oanbarnd iten en gjin woast

Lokkich ha wy by ús leden
Ien dy't alles op him nimt
Jier oan jier is hy yn aksje
Dat de dei nei winsk forrint

Dêrom meine wy as leden
Fan de âlde klub „De Ljip"
Dy in boekwurk oan to bieden
't Giet oer fûgels, greid en skip

Oer ús marren, poellen, petten
Fûgelwin en woans en snip
Krekt in boekje foar Jan Heida
Us warber lid fen klub „De Ljip"

W Dekker(?)

Grou, July 1953

Jan Heida
R de Vries
S. van der Heide
R. Bosma
G. Palstra
R. Epema
K. Berkepas
Jaap Dunker
Jan Veenstra
Sipke Leen
Wiege Otten ×
Sibben Kingma
Pieke Tilma